

De tolfde / De skoaier

Gregor Lozar



Oersetting: Hein Jaap Hilarides

oarewurden
||| ||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



drugebesede
||| ||

De tolfde

Gregor Lozar

Se wie in âld fekke. Dagen oanein siet se fêstplakt oan it balkon. Se klikte oer de bern dy't smookten en bern dy't te let thús kommen wienen fan skoalle. En asto dyn fuotbal by ûngelok op har balkon trapest – wêr't se tabak, tomaten en ierappels ferboude – en do waardst betrape, dan wiest net allinne dyn bal kwyt mar snijde se it ding ek finaal oan flarden.

Mar har beppesizzer wie ien fan de brutaalste duvels yn de hiele omkriten. Hy smookte al sûnt groep fiif en der waard grute dat der yn it buske ûnder de sitting fan syn reade brommer gjin oalje siet mar schnapps. Boppedat waard der sein dat hy de bannen fan in plysje-auto lek stutsen hie omdat se him in nacht op it buro holden hienen. Wy tochten allegear dat it lêste ferhaal wat oerdreaun wie, want hokker plysjeman soe him no drok meitsje oer in pear jonges fan it doarp as de wrâld optild fan echte, hûndert persint kriminelen. Likegoed wie Boki net in jonge om de gek mei te hawwen.

Op in dei, koart nei't de âld fekke de fuotbal fan Pekec – in orizjinele bal fan it wrâldkampioenskip – oan grot snien hie, wie Boki yn de boarterstún by de oare bern. Hy wie sa'n fiif jier âlder as ús en hie sa as altyd in sigaret yn de mûle.

'Jonges,' sei er, 'wat krij ik fan jim as ik dy âld fekke nei de oare wrâld ferhúzje?'

'Wit ik net. Wat wolst hawwe?'

'As jim my alle moannen it bûsjild jouwe dat jim foar ien wike krije, dan hawwe jim noait wer lêst fan har.'

'En wat hiest yn de holle?'

'Dat sis ik net. Soargje jim mar dat jim de fuotbal net yn de tomaten traapje.'

'Dat is der troch.'

'Dat it giet oan?'

'It giet oan!'

'Dus om fan har te wêzen jouwe jim my allegear alle moannen it bûsjild fan ien wike. Okee?'

'Okee!' seinen wy en fûstken. Frenki, de freon fan Boki, en Primož, dy't yn de boarterstún neist dy fan ús boarte en krekt werom wie fan de winkel, wienen tsjûgen.

De oare deis fûl de âld fekke fan de trep. Se brocht in sek ierappels nei de kelder doe't se útglied en omdel rûgele. Se wie sa slim fallen dat se foar de rest fan har libben yn in rolstoel siet. Omdat sy net mear foar harsels soargje koe en Boki mar wat thús siet, waarden se it iens dat Boki no by syn beppe wenje soe. Der wie ek praat dat hy nei har dea it appartemint krije soe.

Boki siet noch net by syn beppe yn, doe't wy him wer troffen. Hy siet te smoken op de parkbank. Wy rûnen fansels nei him ta om te hearren wat der bard wie. Hy sei net folle en frege doe: 'Witte jim wol hoe't it is om wat te doarren?'

'Wat te doarren betsjut in âlde beppe fan de trep triuwe, en dan oan har freegje wêrom't se sa hastich is!'

Der wie teminsten ien fan ús dy't it wist.

Boki skodde de holle en tikke de jiske fan de sigaret. Doe liet er ús op syn mobyltsje in foto sjen fan syn beppe dy't op in frjemde manier ûnder oan de trep yn de kelder lei. Oeral leinen ierappels om har hinne.

'De grap is, ik snap noch altyd net wêrom't se sa hastich wie.'

Boki sei der by dat hy dy moandeis it jild hawwe woe, en dat hy wol wist hoefolle bûsjild wy allegear krigen. O ja, noch wat. As ien net betelje woe, of it yn 'e harsens kriich om de plysje te beljen, dan moasten wy hjir om tinke. Wy hienen ôfpraat dat wy betelje soenen om fan Pehta ôf te kommen, en dat der twa tsjûgen wienen om dat te befêstigjen. En sa waarden wy allegear sponsors fan in projekt dat mislearre soe.

Fansels, doe't wy allinne wienen, wienen wy allegear beroerd en akelich fan it hiele ferhaal. De measten pissen yn dy tiid wer yn bêd. Mar allegear brochten wy dy moandeis it jild by Boki. En ik bin der grutsk op dat ik sizze kin dat net ien fan ús in oar der by lapt hat. Alden, leararen, de plysje, net ien wist wat.

It libben gie gewoan fierder, en al gau wienen wy de nije situaasje gewoan. Stadichoan wenden wy oan it sammeljen fan it jild en waarden wat kalmer. As wy wer ris fuotballen, woe it better as wol west hie. Al moat ik der wol by sizze dat wy yn dy dagen net in soad op it fjildsje wienen.

Ut en troch hearden wy wol ris, meast fan de âlde froulju, dat de âld fekke net botte gelokkich wie mei de beppesizzer dy't op har paste. Se soe plannen hawwe om nei in âldereintehûs. Boki soe foar it âldereintehûs betelje moatte, hoewol't er dêr gjin jild foar hie. Of, hy koe it appartemint ferkeapje, en dat woe er net. In kear rûn ien fan de oare jonges nei de winkel en hearde Boki mei in freon praten. Hy sei dat er der wis fan wie dat Pehta nooit útnaaie soe.

As de bern út de strjitte al fan dy ôf wolle, sei er tsjin har, wat tinkst dan wol net dat se yn it âldereintehûs mei dy foar hawwe? Boppedat, hoe wolsto it mei it smoken hawwe? Yn in soarchsintrum meisto net smoke en ik keapje de sigaretten foar dy. Foar de wissichheid pakte hy har de telefoan ôf. Hy sei dat it apparaat te djoer wie en dat sy syn mobyltsje wol brûke koe. Sels as sy in bakje kofje mei har freonen dronk, hold er in each yn 't seil.

Mar op in dei rûn it âld minske al fuort. Se rêde it op dat ien dy't ûnder har rût lâns rûn even ho hold en fertelde him dat har beppesizzer har by ûngelok opsletten hie yn har appartemint, en dat se nei har suster oan de oare kant fan de stêd ta moast, omdat dy slim siik wie. Se kriich him sa fier dat de man har net allinne troch it rût hise, mar der ek yn gie om har rolstoel te krijen. Boppedat ried er har nei de oare kant fan de stêd.

Krekt op dat stuit kaam Boki werom. Hy sei dat der neat oan it hantsje wie en dat hy him der fierder wol mei rêde. Hy tanke de frjemdling, en makke mei de âld fekke in tochtsje troch de stêd. Hy jage lâns it plysjeburo, it âldereintehûs, it hûs fan Pehta har suster, en doe wer werom. Thús brûkte hy syn beppe de hiele jûn as boksbal, soenen de buorlju letter sizze.

In pear dagen letter siet er wer mei in sigaret yn de mûle op de parkbank. Dat wie wat apart, want it ein fan de moanne wie noch lang net yn sicht. Ien fan ús frege hoe't it mei him wie. Mar hy woe mei ús allegear prate. Hy hie in útstel: hy soe ús allegear in fjirde part fan de skuld skinke as wy alle jierren in kear by him del kamen foar in feestje. Mar de duvel sit in de details. Hy hie it feestje pland op de tolfde fan de moanne; dat wie deselde dei dat it âld minske sa hastich wie om nei de kelder ta. Boki wie in man dy't altyd syn sin hawwe moast, oars waard er woest. Dat wy seinen ta. It smiet ús dit op dat wy teminsten wat minder bûsjild kwyt wienen.

It feestje ferrûn altyd op deselde manier. Al op alve july kamen wy by Boki byinoar. Earst dienen wy wa't it hurdst de treppehûs ôf rinne koe. Fan de heechste ferdjipping oant de kelder. De measte treppen sprongen wy by del: twa, twa, fjouwer; of twa, trije, trije. Allinne by de lêste trep namen wy yn ien kear seis triemmen, en dan wienen je by de kelder. De âld fekke siet by de finish en hold de tiid by. Yn al dy jierren dat wy de kompetysje holden hawwe, hat se noait de lol hân dat ien fan ús in ankel ferstûke.

Yn de jûntiid bakten wy ierappels op in houtstove – jawis, it âld minske hie noch fan dy âldfrinzige stikken húsried – en makken in salade mei tomaten, wylst Boki grouwe sigaren smookte.

Wy praten en makken grappen oer it âlde wyfke. Wat foar streken as wy mei har úthellen en hoe gemien sy wie. It hichtepunt fan de jûn wie it ferhaal fan Boki oer hoe't syn beppe Pehta fan de trep ôf dondere wie. It moaiste fûn er de kop dy't se doe hie en hoe't in ierappel lyk tsjin har foarholle spatte. Dat lêste moast er altyd sa hurd om laitsje dat er alhiel fergeat om der by te fertellen dat er syn beppe frege hie: wêrom bisto sa hastich?

De âld fekke siet der fansels by, en iet gewoan fan de ierappels! Yn it earstoan wie it net sa noflik om hjir by te wêzen, mar letter wenden wy dêr oan. Sterker noch, wy hienen der in soad wille fan. Sy hie op it lêst al ús fuotballen ek fersnien. Kelder of gjin kelder, it wie in gemien âld wiif. By elk nij ferhaal waarden wy ús dêr hieltyd mear bewust fan.

Mar it moaiste wie altyd de oare moarns. Dan fuotballen wy yn har portaal en it âld minske moast ús dan oanmoedigje en tajuiche. As it feestje foarby wie, hold Boki in praatsje, pakte in poarselinen boerd en smiet it oan diggels. Dêrnei gienen wy te picknicken en Boki gie nei de kelder om syn brommer te meitsjen.

Yn alle ferhalen kinne je in skuld ôflosse. Allinne yn dit ferhaal net. Boki is fiifenfjirtich en hat noch noait fan syn libben in stek dien. Hy libbet fan de bydrages dy't troch de freonen út syn bernetiid betelle wurde. De measten fan ús binne yntusken goede sakelju wurden. Oer in wike hâlde wy it feestje foar de fiifentweintichste kear, en stjerrende wier, net ien fan ús hat oant no ta in ankel ferknoffele. En wat de âld fekke oanbelanget, god hat net sa goed west om har gau stjerre te litten. Fan 't jier sil se achtensechstich wurde, en se is noch goed by de tiid. In hiel soad minsken fine dan ek dat wy it bêste mei har foar hân hawwe.

De skoaier

Gregor Lozar

1

Do rûnst mei dyn soan tusken de boekeplanken,
dêr't ik yn dy tiid keunst ûnder de minsken brocht
en do fregest my ofsto myn mobyltsje liene koest,
want do woest gau even ien belje.
Ik sei datsto de winkel net útrinne moastest
en hold dy skerp yn de gaten
doesto frjemde menu's iepenest op in bekend apparaat.
Ik koe dy noch fan jierren werom, doesto
op 'e fyts om my hinne riedest, en my twaddehânsk
mobyltsjes en Davidoff sigaretten oanbeast.
Ik tocht datsto de man wiest dy't my berôve
en frege ûnfatsoenlik oftsto it wiest.
Do diest dyn bêst om te laitsjen,
en, high five, it slagge dy ek noch
doesto my fregest oft ik wis wie datsto dat west hiest.
Ik sakke foar in eksamen en doe't ik dy jierren letter beskuldige
datsto mei dyn mobyl jild stellen hiest –
wer sa'n nije trúk troch boadskippen en koades
nei in automatysk telefoansysteem te stjoeren –
trape ik foar de twadde kear yn deselde fal.
Foar de eagen fan dyn soan sei ik datsto stellen hiest
en dêr't elkenien by stie datsto opsoademiterje koest.
Do rûnst fuort en ik tocht by mysels
dat ik myn mûle wer te gau iepenskuord hie.

Do hiest neat stellen en doe't ik dy deselde deis
op strjitte trof, rûn ik nei dy ta
en sei dat it my wier spiet. Do wiest
nochal misledige, mar settest dy der oerhinne.
Hoe ûngelokkich dy dingen ek binne, seidesto doe,
net ien hat skuld en net ien kin der wat oan dwaan.
Mar in jier lyn, ik kaam by in freondinne wei dêr't ik
altyd in soad mei harsenskrabbe hie en wie op wei nei hûs,
hold in jonge fint op in fyts my tsjin en
frege my oft er myn telefoan brûke koe.
Ik hie der in min gefoel by mar ik joech him it ding oer
en doe't er net ien berikke koe sei er dat er
it apparaat moai fûn en net werom jaan woe.
Ik hie fuort troch dat ik it lytse swarte doaske
allinne weromkrije koe as ik mei him op 'e fûst gie,
mar ik hie it gefoel dat as ik him in beuk jaan soe,
dat syn maten dan ynienen om my hinne stean soenen
en mei syn allen op myn kostberheden ôf fleane soenen.
Dan joech ik him leaver it mobyltsje en naaide út,
mar it wie och sa dreech om net te sizzen: Do smoarge sigeuner!
Kloate sigeuners, se binne ek allegear itselde.
En doesto gnizend oanfytsen kaamst,
en my in mobyltsje ferkeapje woest,
wiesto op dat stuit tafallich dy sigeuner!

Ut skuldgefoel joech ik dy tsien euro
en op it momint dat ik in rasist waard,
dêr bang foar wie en mislik fan mysels,
soesto yn myn persoanlike skoaier feroarje.
Do kaamst in prot del en sietst even yn in stoel,
en nei ferrin fan tiid betocht ik dyn ferhaal:
datsto op skoalle lêst hiest fan epilepsy,
wêr't leararen dy oergean lieten
om problemen foar te kommen,
omdatsto mear oeren mistest dan datst yn de les sietst;
datsto nei alle gedachten út skamte besletten hiest
datsto net lêze of skriuwe koest, –
o, wat hienen wy in moaie tiid
tusken de steapels twaddehânsk boeken –
en datsto foar de rest fan dyn libben in analfabeet wiest;
datsto in frou treffe soest, miskien
mar in dei of sa foar de trouwerij, en dat sy neat wist
fan dyn sykte; en datsto op dyn tolfde al bern hiest
dy't faak gjin ruften of medisinen hienen;
datsto yn de finzenis besletten hiest
datsto dyn libben betterje soest, ôfstân fan dyn famylje nimme soest
en ta grut fermaak fan dyn buorlju god fine soest;
dat der út dyn kelder tachtich mobyltsjes
stellen wienen, wat ynhold dat
dyn hanneltsje oer wie;
datsto mei in koffer fol mei papieren
tusken kantoaren lavearrest
dy't de stroom ôfsletten dêr'tsto net foar betelle hiest,
en dy't dy út dyn sosjale hierwenning smieten
en dy learden dat betiid op bêd lizze,
helpt tsjin de honger;
datsto foar dyn soan beslistest
dat hy earst skoalle ôfmeitsje moast
en dan pas trouwe mocht;
en fierder oer in hiele soad dingen dy't ik grif
fergetten ha, mar dy't och sa wichtich binne
foar myn idee fan it libben fan in Roma-figuer,
dy't, oars as Halgato, der net fan hâldt
dat elkenien him in sigeuner neamt.

Al in hiel skoft lyn hasto my by dy thús útnûge.
En hoewol't wy inoar mei de Krystdagen altyd kadootsjes jouwe,
ha ik besocht om my dêr foar wei te winen.
Oer it generaal tref ik minsken leaver
net thús – op neutrale grûn – mar ik wie
ek bang foar de rook fan bûtenlânsk iten
en it gefoel dat it appartemint miskien smoarch wie.
Op in jûn gienen wy mei-inoar nei
in konsert fan Esma Redjepova yn Štuk,
wêr'tsto dyn freonen ferteldest dat ik
in detective wie mei in pistoal ûnder de jas,
en my fernuverest troch Esma de keninginne
te neamen sûnder in wink fan yroany
en wakker ernstich oer jurken pratest dy't
tûzenen euro's wurdich binne, en dy't sy oan hie, en oer it grutte
hûs yn Skopje en de bern dy't se adoptearret
en dan lid fan har band wurde.
Der wie wat bitterheid yn de namme keninginne
en doe't wy weromrûnen hearde ik foar't earst
dat de hûzen en appartemintekompleksen yn Studenci
foar dy it sintrum wienen. It hûs fan dyn pake stiet dêr ek,
fierstente folle bern, seidesto, en se helje allinne mar fiten út,
eat datsto dyn hiele libben besocht hast foar te kommen,
en dêr tichteby stiet it appartemint dêr'tsto út set bist.
Doesto ferhuze wiest, koe ik it lykwols net langer rekke,
en doesto by my op besite wiest, seach ik hoe smoarch
myn hûs wie.

Op in dei drinke wy in bakje kofje en ik tink,
ien hat my oer de siel fan de sigeuner ferteld:
oer bern dy't nei harren heit stappe en freegje oft er nije klean
foar har keapje wol, omdat se nei in feestje wolle.
Ik soe dy klean wol keapje wolle, bern, mar ik ha gjin jild.
As se wat âlder binne, freegje se wat jild
om in auto te keapjen, om wat fan de wrâld te sjen,
ik soe wol in auto keapje wolle, bern, mar der is gjin jild,
En as se gjin bern mear binne, freegje se harren heit om jild
om in appartemint te keapjen foar harren frou en bern,
en op 'e nij soe de heit it wol keapje wolle, mar is it jild der net.
Jierren letter, de heit giet dea en de bern sitte
om syn bêd hinne, seit hy tsjin har:
Ik hâld in ôfgryslík soad fan jim, myn bern,
ik hie klean, auto's en hûzen foar jim keapje wollen,
en de helte fan de wrâld derby, mar kin ik it helpe dat
it libben hurd is en der gjin jild wie.
Al sûntsto sjoen hast dat ik myn sokken wol foar dy
út myn skuon lûke woe, sitst my net mear op 'e hûd.
As der gjin jild is, is der gewoan gjin jild. Do bist gjin
skoaier mear, wy binne al hiel lang freonen
en al ha ik myn freonen de lêste tiid ferwaarleaze,
allinne yn dyn eagen lêst ik datsto dêr fertriet fan hast.
Earder koe my dat neat skele, mar no muoit my dat dochs wol.